

### **Taheakke by 'Utnûging Sneon 28 jannewaris 2023'**

Lykas ôfpraat stjoere wy de fraach troch dy't wy binnen krigen ha foar de gearkomste fan 28 jannewaris. Omdat der nei it skoft bûten de ferskode presintaasje Wapenregistraasje 2022 fan Jelle Terluin mar ien fraach is dy't behannele wurde kin bliuwt der romte oer foar it útwikseljen fan fynsten en fergelykjen fan genealogyske data. Der wurdt soarge foar in oantal tafels om de laptop op te setten en in oantal stekkerdoazen om "wurge" laptops oan te fiterjen.

De te beprekken fraach is:

### **Wa wit mear fan Trijntje Dirks?**

Trijntje Dirks, fan Menaam, tr. 27.05.1781 Dronryp (tsjerke) Beerent Gosses (letter Dijkstra) fan De Ryp. Sy stjert neffens houlikse bylagen fan twa fan har bern yn 1797 of 1798 yn De Ryp. Hja wurdt ienris neamd mei famyljenamme "Veltman". Trije bern bekend:

- 1) Sijdske Berents, berne om 1782 hinne, stoarn Welsryp 22.12.1808 tr. 26.09.1802 Heert Pieters Tolsma, mooglik s.f. Pieter Heerts en Klaaske Aukes Dijkstra.
- 2) Dirkje Berents, berne yn 1783/1784, stoarn 30.05.1927 Frenstjer, tr. 17.06.1810 Hidde Pieters Anema, s.f. Pieter Anes Anema en Trijntje Sjoerds.
- 3) Gosse Berents Dijkstra, berne 13.02.1795 De Ryp, stoarn 16.03.1865 De Ryp, tr. 11.07.1821 MEM Klaaske Klazes Postma, berne 21.10.1794 Ljouwert d.f. Klaas Pieters en Trijntje Daniels Wijma.

Berent Gosses (Dijkstra) berne om 1753 hinne, mooglik yn Lollum, s.f. Gosse Everts en Sytske Beerns. Hy wie arbeider, koemelker en gardenier. De bern fan Trijntje Dirks en Berent Gosses binne net doopt; de âlders wiene wol fan Nederduits gerifformearde ôfkomst, mar it dopen wie der by bleaun neffens in houlikse bylage. Ek de heit en mem fan Berent lieten de bern net dope yn Swichum, Aegum en Lollum. Mooglik wiene de âlden fan Trijntje Dirks ek net sa "tsjerks".

De namme fan de bern Sijdske en Gosse komme fan syn kant. It famke Dirkje kin neamd wêze nei de mem, heit of jong stoarne suster fan Trijntje.

Mooglik wurdt Trijntje Dirks earne neamd (kin oaral yn Fryslân wêze) yn in proklamaasjeboek as sy, "sterkt troch har man" in part fan in stikje lân of it âlderlik hûs ferkeapet of earne yn in weesboek. Trijntje Dirks wennet by har trouwen wol yn Menaam, mar dêr ha ik "gjin geskikte Dirk" as heit fûn.

Trijntje kin fansels ek ynwennend faam west ha yn Menaam, of by in omke of tante memmeskant ûnderbrocht wêze.

Ynstjoerder: Gosse van der Plaats, Iepenlaan 43, 9103 RJ Dokkum. Moby1 06 13 78 83 11. E-mail: [g.vanderplaats@gmail.com](mailto:g.vanderplaats@gmail.com).